

Stúdzjewizer foar de kursus Didaktysk praktikum Module 2018-2019

Ynhâld

- * Algemiene ynformaasje (side 1-2)
- * Kolleezjeplanning (side 3-4)
- * Dossieropdrachten by de kolleezjes (side 5-6)
- * Lêslist foar opdracht A (side 7)
- * Handige dokuminten (side 8-20)

Algemiene ynformaasje

Doelgroep

Kursisten Afûk-akte
Studinten Frysk bachelor, foltiid en fleksibel ûnderwiis

Kolleezjedatums

5 febrewaris - 18 juny, tiisdeitemiddeis/jûns
Sjoch foar tiden, lokalen en kolleezjefrije dagen de kolleezjeplanning yn dit dokumint.

Omfang

96 stúdzje-oeren

Kontaktpersoanen

algemien perioade 3: Henk Wolf (henkwolfjouwert@yahoo.com, 06-18932351)
algemien perioade 4: Babs Gezelle Meerburg (gezellem@nhl.nl)
lêslist: Alex Riemersma (a.m.j.riemersma@nhl.nl)
Afûk-saken: Lineke Kuiper (l.kuiper@afuk.nl)

Doelen

Nei ôfrin fan de kursus kinne de dielnimmers:

- * selsstannich lessen tariede, útfiere en evaluearje;
- * eigen les- en toetsmateriaal ûntwikkelje;
- * soargje foar in fruchtber learklimaat, it aktivearjen fan learders en it stimulearjen fan ynteraksje mei learders as groep en yndividueel;
- * rekken hâlde mei ferskillen tusken learders yn lestarieding en útfiering;
- * rekken hâlde mei ûntjouwingen yn it ûnderwiis;
- * maatskiplike ûntjouwingen in plak jaan yn it eigen ûnderwiis;
- * in eigen fisy op it ûnderwiis en op it skoalfak Frysk formulearje;
- * oanjaan hoe't se harsels fierder ûntwikkelje wolle yn it berop fan lesjower Frysk.

Ynhâld

De kursus bestiet út tematyske kolleezjes. Dy wurde jûn troch in breed team fan dosinten fan NHL Stenden, fan de Afûk en út it ûnderwiisfjild. Dielnimmers rinne staažje en drage oan de kolleezjes by mei har eigen ûnderfiningen.

Staažje

De NHL-studinten fiere yn it ramt fan it kolleezje in pear opdrachten út yn in staažjegroep. Dat mei wêze yn it ramt fan in rinnende staažje, mar se meie sels ek wat oars regelje. De studinten binne sels ferantwurdlik foar it finen fan in gaadlike staažjegroep. De Afûk-kursisten hawwe oer it generaal net folle ûnderwiisûnderfining. Foar harren is it praktykûnderdiel dêrom wat grutter. Se rinne tsien kear staažje yn twa ferskillende groepen (5 kear hospitearje by in lesjower) en moatte by elke groep ien kear in les selsstannich jaan.

Lineke Kuipers bemiddelet tusken de Afûk-kursisten en Afûk-lesjouwers. Afûk-kursisten mei ûnderwiisûnderfining kinne yn oerlis mei Lineke besjen oft in koartere staaasje mooglik is.

Kursusmentor

Omdat de kursus ferskillende dosinten hat, krijt elke dielnimmer foar de doer derfan in kursusmentor. Foar NHL-studenten Frysk is dat yn perioade 3 Henk Wolf en yn perioade 4 Babs Gezelle Meerburg. Foar Afûk-kursisten is it Lineke Kuiper. Foar oanskowers út it fjild wurdt yn oerlis in mentor socht. De mentor is it earste oansprekpunt by fragen en problemen. De kursist en de kursusmentor hâlde tegearre de fuortgong yn 'e gaten.

Dossier

De dielnimmers oan de kursus foarmje in dossier op basis fan de opdrachten A-E, dy't se yn de rin fan 'e kursus meitsje. De opdrachten binne te finen yn dizze stúdzjewizer. Foar opdracht A moatte de studenten yn perioade 3 sels in plenning meitsje. De opdrachten B-E wurde yn de rin fan 'e kursus makke, neidat de dielnimmers relevante kolleezjes folge hawwe.

Beoardieling

It dossier wurdt beoardiele troch in dosint fan NHL Stenden. Foar Afûk-kursisten wurdt de kursuskoördinator fan de Afûk yn de beoardieling behelle. It dossier wurdt beoardiele mei in hiel sifer fan 1-10.

Handige dokuminten

Yn dizze stúdzjewizer binne in stikmannich dokuminten opnaam dy't jo brûke kinne by it gearstallen fan it dossier en it rinnen fan de staaasje(s). Net elkenien sil se allegear brûke moatte. It giet om:

- twa foarbylden fan lestariedingsformulieren;
- ôfspraken en rjochtlinen foar Afûk-staazjes;
- staazjeformulier Afûk (foar staazjebegelieder en eksaminator);
- STARR: tips foar selsevaluaasje;
- feedbackformulier foar kursisten/learlingen dy't jo beoardielje moatte;
- taljochting op dossieropdracht D (subjektive fisys op it lesjaan yn it Frysk).

Kolleezjeplenning

Datum en tiid	Lokaal	Dosint(en)	Underwerp
5 febrewaris 18.15-19.45	B0068	Lineke Kuiper en Henk Wolf	Yntroduksje: wat sille wy dwaan? Hoe wurdt der toetst? wat hâldt de staaasje yn? Wat wol elk leare?
12 febrewaris 18.15-19.45	C1043	Babs Gezelle Meerburg	Lesopset: hoe sette jo in les op, hoe wurket it ynfoljen fan in lesformulier, hoe geane jo mei jo planning om yn de les sels?
19 febrewaris	Gjin kolleezje		
26 febrewaris 18.15-19.45	A0073	Marlies Hemel	Ferskaat: hoe geane jo om mei al dy ferskillende minsken yn jo groep, allegear mei eigen karakters, learstilen, problemen en taalachtergrûnen?
5 maart 18.15-19.45	C1060	Aant Mulder	Learstilen en tarieding: wat foar typen learders kinne jo tsjinkomme en hoe kinne jo jo tariede op harren foarkarren?
12 maart 18.15-19.45	C1060	Akke Gerlsma	Hoe stiet in dosint yn/foar de klas: wat is wichtich as it giet om lichemshâlding, lichemstaal, stimgibrûk ensfh.?
19 maart	Gjin kolleezje		
26 maart 18.15-19.45	C1081	Renske Pasma	Omgong mei it materiaal: hoe kinne jo op in boartlike manier omgean mei bestend en nij les materiaal foar it Frysk?
2 april 18.15-19.45	C1060	Henk Wolf	Toetsing: wêr moatte jo rekken mei hâlde as jo de feardigens fan learlingen/kursisten toetse wolle? Wat binne faak makke flaters yn toetsen? Wat foar soarten toetsen binne der?
9 april 18.15-19.45	C1110	Henk Wolf	Toetsing: hoe berekkenje jo in sifer? Hoe soargje jo derfoar dat toetsen objektyf binne?
19.45-21.15	C1110	Alex Riemersma	Mûnlige toets oer de lêstlist
16 april tiid komt noch	Gjin kolleezje		
23 april tiid komt noch	lokaal komt noch	Pieter Duijff	Noarm en dialektferskaat: wat foar soarten Frysk kinne jo by learlingen/kursisten tsjinkomme, wat foar noarm hâlde jo wannear oan, wat moatte jo wannear ferkeard rekkenje?
30 april tiid komt noch	Gjin kolleezje		
7 maaie tiid komt noch	lokaal komt noch	Lineke Kuiper	Staaasje: útwiksel fan eigen ûnderfiningen fan studinten/kursisten

14 maaie tiid komt noch	lokaal komt noch	Babs Gezelle Meerburg	Literatuerdidaktyk: hoe jouwe jo nijsgjirrige en relevante lessen oer/mei Fryske literatuer?
21 maaie tiid komt noch	Gjin kolleezje yn ferbân mei ôfskied fan Alex Riemersma		
28 maaie tiid komt noch	lokaal komt noch	Joana Duarte en Mirjam Gunther	Meartalich ûnderwiis: hoe kinne jo de oanwêzige taalkennis yn de groep brûke en fergrutsje?
4 juny tiid komt noch	Gjin kolleezje		
11 juny tiid komt noch	lokaal komt noch	Reitze Jonkman	Toetsing: hoe kinne jo it begjin- en einnivo Frysk fan learlingen /kursisten toetse? Hoe kinne jo jo eigen nivo yn it Frysk toetse?
18 juny tiid komt noch	lokaal komt noch	Gerbrich de Jong	Wurdskatdidaktyk: wat is wichtich as jo learlingen /kursisten helpe wolle om har Fryske wurdskat te fergrutsjen?

Dossieropdrachten by de kolleezjes

Opdracht A. Lêslist

Jo lizze op 9 april in mûnling eksamen oer de lêslist ôf by de fakdidaktikus Alex Riemersma. As jo it eksamen helje, krije jo in bewiis dêrfan. Dat nimme jo yn it dossier op.

Opdracht B. Staazje

Jo rinne yn it ramt fan jo oplieding staazje. Nim yn jo dossier op:

1. fan minimaal twa en maksimaal fiif lessen dy't jo selsstannich jûn hawwe: in bewiis fan tarieding (bygelyks in ynfolle lesformulier);
2. fan deselde lessen: in selsevaluaasje fan elke les. Jo kinne dêr STARR (sjoch taheake) foar brûke, mar jo meie ek in oare foarm kieze;
3. in koart refleksjeferslach (likernôch ien kantsje A4) dêr't jo yn fertelle hoe't it lesjaan jo foldien hat en wat jo leard hawwe;
4. in koarte evaluaasje fan jo lesjaan troch de begeliedende dosint en/of de Afûk-eksaminator;
5. in koarte evaluaasje fan jo lesjaan troch op syn minst trije learlingen/kursisten;
6. in oersjoch fan al it lesmateriaal dat jo brûkt hawwe (listje mei boektitels, links nei websiden, kopyen fan eigen materiaal);
7. links nei twa fideofragminten (elk fan 2 à 4 minuten) fan jo lesjaan. As it net mooglik of tastien is om fideo-opnamen te meitsjen, jou dat dan oan.

Opdrachten C. Kolleezjestof

C1. Yntroduksje

Notearje wat jo it kommende healjier graach leare wolle oer lesjaan yn it Frysk. Besykje oan de hân fan de kolleezjeplenning yn te skatten hokker fan jo learwinsken oft yn dit fak ferfolle wurde. Besykje ek oan te jaan hoe't eventuele fierdere winsken realisearre wurde kinne.

C2. Lesopset

Jo krije fan de dosinte de opdracht om in lesopset te meitsjen. As er net hielendal ôf is, meitsje him dan ôf. Nim de útwurke lesopset yn it dossier op.

C3. Ferskaat

Op kolleezje dogge jo kennis en ideeën op oangeande ferskaat yn jo klas of kursusgroep. Skriuw op wat jo byleard hawwe en hoe't jo fan doel binne om rekken te hâlden mei ferskillen yn karakter, learstilen en taalachtergrûn by jo learlingen/kursisten. Nim jo tekst yn it dossier op.

C4. Learstilen en tarieding

Skriuw foar it dossier in gearfetting fan wat jo leard hawwe oer learstilen en it rekken hâlden dêrmei.

C5. Hoe stiet in dosint yn/foar de klas?

Skriuw foar it dossier in gearfetting fan wat jo leard hawwe oer it belang fan lichemshâlding, stimgelûk en oare manieren om josels te presintearjen.

C6. Omgong mei it materiaal

Kies in boek of metoade út dêr't jo yn jo eigen lessen mei wurkje wolle. Nim yn it dossier trije útwurke ideeën op om dat materiaal op in boartlike manier te brûken, dus om der wat oars mei te dwaan as allinnich opdrachten neisjen.

C7. Toetsing 1

Jo krije fan Henk Wolf de opdracht om toetsfragen te ferbetterjen. Meitsje dy ôf en nim de útwurking yn it dossier op.

C8. Toetsing 2

Jo krije fan Henk Wolf de opdracht om in toetsopset te meitsjen. Meitsje dy ôf en nim de útwurking yn it dossier op.

C9. Noarm en dialektferskaat

Skriuw op basis fan wat jo by Pieter Duijff leard hawwe in tekst fan likernôch twa kantsjes A4 dêr't jo yn beskriuwe hokker noarm oft jo yn jo lessen oanhâlde foar skriftlik materiaal, jo eigen mûnling taalgebrûk en it mûnlinge en skriftlike taalgebrûk fan jo learlingen/kursiten yn ferskate fazen fan it learjier of de kursus. Motivearje jo kar.

C10. Literatuerdidaktyk

Nim it materiaal dat jo fan Babs Gezelle Meerburg krigen en/of makke hawwe yn it dossier op.

C11. Meartalich ûnderwiis

Meitsje foar it dossier in gearfetting fan wat jo leard hawwe.

C12. Toetsing 3

- Gean mei it materiaal fan Reitze Jonkman nei wat jo eigen RrF-nivo is. Beskriuw jo nivo foar de toets.
- Beskriuw hoe't it toetsen fan it RrF-nivo by jo learlingen/kursisten yn syn wurken giet.

C13. Wurdskatdidaktyk

- Fetsje de teory fan wurdskatdidaktyk gear.
- Untwerp sels in ienfâldich lespakket om de Fryske wurdskat fan in groep learlingen of kursisten te fergrutsjen. Jo meie sels kieze oft jo materiaal meitsje foar in Frysktalige of foar in net-Frysktalige doelgroep. Nim it materiaal yn it dossier op.

Opdracht D

As jo alle oare opdrachten makke hawwe, skriuw dan in eigen fisjy op it lesjaan yn it Frysk. Jou ûnder oaren in motivearre antwurd op: wêrom binne lessen/kursussen Frysk nuttich of nedich, hoe kinne se it bêste ynrjochte wurde, wa kin sokke lessen/kursussen it bêste jaan? Jo meie der ek oare fragen yn beantwurdzje dy't jo wichtich fine. It mei in persoanlike, subjektyf ferslach wurde, mar doel is wol dat jo de kennis dy't opdien hawwe brûke om jo stânpunten te ûnderbouwen. De lingte is net sa wichtich, mar as rjochtline kinne jo twa siden A4 oanhâlde.

Opdracht E

Meitsje in kopy fan de beoardielingsrubric yn de taheakke of download it bestân fan www.henkwolf.nl/cursusmateriaal. Nim de rubric op yn it dossier: hielendal foaroan of hielendal achteroan. Nûmerje de siden fan jo dossier en jou fan elk ûnderdiel yn de rubric oan op hokker siden oft it te finen is. Eventueel ûntbrekkende ûnderdielen jouwe jou oan mei in krúske yn de earste kolom. As jo ynstee fan ien fan 'e reguliere dossierûnderdielen in alternatyf bewiisstek opnaam hawwe (allinnich nei oerlis mei de mentor of dosint), dan sette jo in krúske yn de tredde kolom.

Lêslist foar opdracht A

De lêslist moatte jo yn de rin fan perioade 3 selsstannich bestudearje. Op 9 april dogge jo der by de fakdidaktikus Alex Riemersma mûnling tentamen oer. As jo it tentamen helje, krije jo in bewiis dat jo yn jo dossier opnimme.

De lêslist wurdt yn de earste kolleezjewike op www.henkwolf.nl/cursusmateriaal bekendmakke. It ûndersteande boek makket der yn alle gefallen diel fan út. Ut dat boek bestudearje jo de siden 37-77.

Hoogeveen, P. & J. Winkels (2010),
Het didactische werkvormenboek. Variatie en differentiatie in de praktijk.
Assen: Van Gorkum. 10e printinge (of nijer).
Dêrút lêze: side 37-77.

Yn oerlis mei Alex Riemersma kin fan de lêslist ôfwykt wurde, as jo dat nuttich fine.

Handige dokuminten

Op de folgjende siden fine jo ferskate handige dokuminten dy't jo by jo lesjaan en by it meitsjen fan de opdrachten brûke kinne.

It giet om:

- twa foarbylden fan lestariesformulieren;
- ôfspraken en rjochtlinen foar stazje by de Afûk;
- evaluaasjeformulier foar de Afûk-stazjes (foar stazjebegelieder en eksaminator);
- STARR: tips foar selsevaluaasjes;
- feedbackformulier foar kursisten/learlingen dy't jo beoardielje moatte.

Formulier lestarieding

Namme:

Fak:

Datum:

Tiid:

Doelen fan de les:

Ferwachte tarieding fan de learlingen/kursisten:

Materiaal dat yn de les brûkt wurdt:

Eigen tarieding:

Planning fan de les:

tiid	aktiviteit	materiaal

Evaluaasje: binne de doelen helle? Wêrom wol/net?

Ferbetterpunten:

Opmerkingen:

Lesskema

datum

tiid

stazjebegelieder

stazjêre

Doel fan les:

Tiden	Fase	Learynhâld	Groeparrings foarm	Didaktyske wurkfoarmen	Lear-aktiviteiten	Underrwiis-middels	Doel berikt?
	Begjinslyuaasje:						
	Ynstruksje:						
	Ferwurking						
	Evaluasasje						

Ofspraken en rjochtlinen foar staaasje by de Afûk

De hospitant folget twa kear in searje fan 5 lessen by in Afûk-kursus. Yn de 5de les wurdt it praktykeksamen hâlden. Ien staaasje sil wêze by in kursus foar net-Frysktaligen (LearmarFrysk, PraatmarFrysk) en de oare staaasje sil hâlden wurde by in kursus foar Frysktaligen (SkriuwwarFrysk).

De Afûk-kursussen wurde hâlden op moandei-, tiisdei- of woansdeitejûn en binne altyd fan 19.30 – 21.30 oere. Alle ynformaasje oer de kursussen Frysk stiet op de kursuswebside: kursus.afuk.nl.

It praktykeksamen

It is de bedoeling dat de hospitant fan tefoaren op in matriks it eksamenprogramma ynfollet en in kopy dêrfan oan it begjin fan it eksamen oan de eksaminator oerhandiget. Fierders kriget de eksaminator in evaluaasjeformulier fan de hospitant.

De hospitant nimt sa'n 75 minuten fan de les foar syn/har rekken. Yn dy 75 minuten sit in eksamen fan sa'n 45/60 minuten. Mocht der eat misgean yn 'e les dy't de hospitant jout: net yngripe, ek al giet it finaal mis. Nei ôfrin stelle eksaminator en begelieder tegearre it einsifer fêst (der meie hiele sifers of sifers mei ien desimaal jûn wurde) en diele dat motivearre mei oan de hospitant. Dêrby telt it sifer foar de eksamenles **foar 60%** mei en it sifer foar de staaasje **foar 40%**. Foarbyld: As de hospitant in 6 foar it eksamen hellet en in 5 foar de staaasje, wurdt it einsifer 5,6 ($6 \times 60\% + 5 \times 40\% = 360 + 200 = 560 : 100$). As de hospitant krektoarsom in 5 foar it eksamen hellet en in 6 foar de staaasje, wurdt it einsifer 5,4 ($5 \times 60\% + 6 \times 40\% = 300 + 240 = 540 : 100$).

Oangeande it bekendmeitsjen fan de útslach is troch de Eksamenkommisje de neikommende prosedure ôfpraat:

1. eksaminator en staaजेbegelieder beprate tegearre it sifer
2. de eksaminator praat mei de hospitant oer it wêrom fan it sifer
3. hospitant en begelieder (of eksaminator) bringe de kursisten op 'e hichte
4. nei ôfrin fan de les wurdt it eksamen, as de eksaminator dat nedich achtet, nochris oereide
5. de eksaminator stjoert, as hy/sy dat nedich achtet, in motivearre beoardieling nei hospitant, staaजेbegelieder en didaktykdosint.

Opbou ûnderwiisfeardigens kursist:

Les 1:

Observaasje

Les 2:

Observaasje en kontakt meitsje mei groep: b.g. in ferhaal foarlêze/fertelle

Les 3:

Kursist nimt in ûnderdiel fan 'e les oer yn oerlis mei de lesjouwer: b.g. de grammatikale útlis of it oefenjen fan in ûnderdiel. (likernôch 15-20 min.)

Sels de opset meitsje, safolle mooglik op selde manier as de lesjouwer dat docht. Sa mooglik even beprate/oer maile.

Les 4:

De kursist jout in heal oere oant in oere les en brûkt foar ien ûnderdiel dat troch de lesjouwer oanrikt is in wurkfoarm dy't de kursist sêls útsocht hat. Foar evt. oare ûnderdielen kin de wurkwiize fan 'e dosint folge wurde. De ûnderdielen dy't yn dat lesore foarby komme, kinne falle ûnder ferstean, lêzen (útspraak), fokabulêreútwreiding of praten. Alles sa mooglik wer yn oerlis.

Les 5 Praktykeksamen

De kursist jout in hiele les en bepraat dy les yn it foar mei de dosint (of mailt der oer). De kursist siket **selsstannich** ferskillende wurkfoarmen út en slút de les ek ôf. De les moat passe yn de kursusopset fan 'e dosint. De earste opset moat lykwols by de kursist wei komme.

Evaluaasjeformulier foar de stazjebegelieder/-ster

1) Namme stazjêr(e):

Adres/wenplak:

2) Namme stazjebegelieder/-ster

Adres/wenplak:

3) Tal kursisten:

4) Underwerp(en):

5) Type kursus: LearmarFrysk 1, 2
PraatmarFrysk
SkriuwmarmFrysk 1, 2

6) Datum:

De evaluaasje fan 'e les (swakke en sterke punten)

1) Yntroduksje

a) Makket de stazjêr(e) goed dúdlik wat der dien wurde sil yn 'e les?

2) Begjinsitewaasje

a) Slút de stazjêr(e) foldwaande oan by de begjinsitewaasje fan de kursisten?

3) Learynhâlden

a) Hokker opmerkings hawwe jo oer de learynhâlden

4) Learaktiviteiten en groepearingsfoarmen

a) Hat de stazjêr(e) yn ferbân mei de fragen 1 0/m 3 goede learaktiviteiten op gong brocht?

b) Wie(ne) de groepearingsfoarm(en) geskikt foar dizze les?

c) Wie der foldwaande ôfwikseling yn harkjen en praten?

d) Wie der foldwaande ôfwikseling yn mûnling en skriftlik wurk (by SkriuwmarmFrysk)?

e) Binne de kursisten aktyf genôch? Wurde se foldwaande aktivearre? (Kin de stazjêr(e) b.g. in petear op gong bringe en elkenien der by belûke?)

5) Media

- a) Wurde der gaadlike ûnderwiislearmiddels brûkt?
- b) Wurde de ûnderwiislearmiddels op in goede wize brûkt?

6) Stazjêr(e)

- a) Hoe is de hâlding fan de stazjêr(e) ûnder it lesjaan?
(natuerlik/enerzjyk/fleurich/fleksibel/ynteressearre)
- b) Hoe is de sprektoan?
(te sêft/te fluch/ te stadich/freonlik/ seurderich/ensfh.)
- c) Sit der genôch gong yn de les?
(ferrinne de oergongen tusken de ferskillende lesûnderdielen flot?)
- d) Wurdt der goed yngien op fragen en opmerkings fan kursisten?
- e) Behearsket de stazjêr(e) de learstof?
- f) Hoe wurdt it Frysk brûkt?
Linich, goeie wurdskat, passend by nivo kursisten?

7) Doelen

- a) Binne de yn de matriks stelde doelen ek toetst?
- b) Binne se berikt (by alle kursisten)? Wêrom net as se net (alhiel) berikt binne?

8) Formulieren en matriksen

- a) Hat de stazjêr(e) de eigen les (sjoch de efterkant fan de lesmatriks) foldwaande evaluearre?
- b) Is de lesmatriks (lesskema) foldwaande útwurke?
- c) Koe de stazjêr(e) him/har oan de lesmatriks hâlde?
- d) Koe de stazjêr(e) der op in linige wize fan ôfwike as it ferrin fan de les dat perfoarst frege ?

9) Einoardiel

- a) wat is jo einoadiel oer de les?
- | | |
|--------------|-----------------------|
| Bêst | <input type="radio"/> |
| Goed | <input type="radio"/> |
| Foldwaande | <input type="radio"/> |
| Unfoldwaande | <input type="radio"/> |

Wêrom?

b) Hawwe jo ek (noch) oare opmerkings nei oanlieding fan de les?

Hantekening staaazjebegeieder /-ster

10) Praktykeksamens

Praktykeksamen, diel ien Datum Sifer (yn letters)
Hantekening eksaminator	Hantekening staaazjebegeieder/-ster
Praktykeksamen, diel twa Datum Sifer (yn letters)
Hantekening eksaminator	Hantekening staaazjebegeieder/-ster

Opm.

Dit formulier besprekke mei de stazjêr(e). Dêrnei taheakje oan de lesmatriks en oan de oplieder /-ster foar it didaktysk foech takomme litte.

Tige tank

Selsevaluaasje

Jo kinne in selsevaluaasje op in soad ferskillende manieren meitsje. Fiel jo frij om sels in manier te kiezen dy't jo goed leit. Foar wa't graach wat tips ha wol, ha wy hjirûnder in pear saneamde STARR-fragen opnaam. STARR is in ienfâldige metoade om ynsjoch te jaan yn jo rol yn in proses. Brûk de fragen dy't jo nuttich talykje. Hâld jo evaluaasje koart, langer as in kantsje A4 is net nedich.

S = Situaasjebescriuwing

- Wat wie jo lichemshâlding?
- Hoefolle kursisten wienen der?
- Wat hienen de kursisten taret?
- Wat dienen de kursisten?
- Wat wie it doel fan de les?
- Wat foar ûnferwachte omstannichheden wienen der?
- Hoe wie de sfear yn de groep?

T = Taakbescriuwing

- Wat waard der fan jo ferwachte yn de les?
- Wat waard der fan de kursisten ferwachte yn de les?
- Hoe sjogge jo oan tsjin dy ferwachtingen?
- Wa hie de einferantwurdlikheid oer de les?
- Hoe wienen de rollen tusken jo en dy persoan ferdielt?
- Wat moasten jo konkreet dwaan yn de les?
- Hoe serieuus naam elk syn of har taak?

A = Aksjebescriuwing

- Wat hawwe jo yn de les allegear dien?
- Wat hawwe de kursisten dien?
- Wat hat de begeliedende dosint dien?
- Wat is der allegear bard yn de les en hoe reagearren jo dêrop?
- Hawwe jo problemen oplosse moatten? Hoe gong dat?
- Wêrom ha jo dien wat jo dien ha?

R = Resultaatbescriuwin

- Wat wie it gefolch fan jo hannelingen?
- Yn hoefier hawwe jo jo taak goed útfierd?
- Wat hawwe de kursisten opstutsen?

R = Refleksjebescriuwing

- Hoe reagearren de oaren op jo lessen?
- Hoe reagearren oaren op de ynteraksje mei jo en mei de oare oanwêzigen?
- Hoe adekwaat wie jo hanneljen?
- Wat soenen jo de oare kear wer sa dwaan?
- Wat soenen jo de oare kear oars dwaan?
- Wat ha jo sels leard fan de les?
- Wat is jo algemiene oardiel oer de les en wêrom?
- Wat is jo oardiel oer josels yn de les en wêrom?

Feedbackformulier foar kursisten/learlingen

1. Soenen jo mei in krúske oanjaan wolle wat jo oardiel is oer de folgjende ûnderdielen fan de les dy't jo krekt folge hawwe?

	hiel min	min	ridlik	goed	hiel goed
De sfear yn de les					
De wurkfoarmen yn de les					
De útlis fan de dosint					
It nivo fan de les					
It nut fan de les					
De begelieding troch de dosint					
It materiaal dat yn de les brûkt is					
De opbou fan de les					
De tarieding fan de dosint					
De tarieding fan de groep					
Jo eigen tarieding					

2. Kinne jo in pear opfallende goede eigenskippen fan de dosint opskriuwe?

3. Wolle jo de dosint ek noch ferbetterpunten meijaan?

4. Hawwe jo noch oare opmerkingen oer de les?